

Oantekens fan de jiergearkomste fan de feriening foar doarpsbelangen “De Eendracht” op woansdei 9 april 2008

Oanwêzich: 35 leden en 9 bestjoersleden.

De polityk waard fertsjintwurdige troch dhr. F.Siegersma (FNP), dhr. W.Roersma (GB), dhr. K.Iepema (GL) en dhr. A.Osinga (CDA).

Berjocht fan behindering fan Douwe Gerbens, Folkert Kuipers, Dirk Zwagerman en Jan Metselaar.

1. Iepenjen

Om goed 20.00 oere hjit foarsitter Rinske elk wolkom op de jierlikse ledegearkomste. In spesjaal wurd fan wolkom is der foar de fertsjintwurdigers fan de polityk en de twa nije oankommende bestjoersleden.

2. Oantekens fan de jiergearkomste fan 11 april 2007

Elk hat de oantekens leze kinnen yn de Klaver Trije. Der binne gjin oanmerkings, it ferslach wurdt, mei tank oan Jitsche, goedkard.

3. Jierferslaggen fan it bestjoer fan Doarpsbelangen en it Utfeartfûns (bijlagen 1 en 2).

Gjin fragen en opmerkings. Fan ús kant noch de meidieling dat doarpsbelang 331 leden hat.

4. Finansjele ferantwurding fan Doarpsbelangen en it Utfeartfûns (bijlagen 3 en 4).

Ek hjir is alles dúdlik.

5. Finansjele ferantwurding âld papier (bijlage 5) en de hiemside (bijlage 6)

Gjin fragen.

6. Jierferslach en finansjeel oersicht boartestún ‘it Hofke’ (bijlagen 6 en 7)

In lytse taljochting fan Rinske. De boartestún leit der suterich bij, ferline jier ha we ek op dit plak oer it Hofke praten, dêr is fjirder neat útkaam. De oprop yn it boekje fan doarpsbelang is 1 reaksje kaam, mar der moatte mear minsken oer gear. It plak fan de boartestún is ek net ideaal. It leit tefolle efterôf. Dhr. H. Smid: it gêrsfjildsje bij de bakker, soe dat net wat wêze? We nimme it mei.

7. Bijlagen 8 o/m 11

It finansjeel oersicht fan it Hofke, jierferslach en finansjeel oersicht fan de aktiviteiten kommisje en it jierferslach fan Deinum Doe en No ropt gjin fragen op.

8. Bestjoersferkiezing

Marijke Heeringa en Epie Tamminga binne ôfgeand en net op ‘e nij ferkiesber. Mei moaie wurden en in skitterend bosk blommen fan Rinske en in grut applaus fan de seal nimme se ôfskie. Tsjinkandidaten hawwe har net opjûn sadat Myriam Haverkamp en Janneke Buma mei applaus ynhelle wurde.

Foarsitter Rinske Metselaar is ôfgeand en wurdt op ‘e nij wer keazen. Ek applaus en in bosk blommen foar har.

Skoft

Mar eart de kofje/tee mei fulkoek rûngean is der earst in blomke foar Renny Sytema en Halbe Weiland.

Renny hat har ûnder oaren ynset foar doarpsbelang, de Klaver Trije, de administraasje fan it tjerkhôf en hat in sit yn de wurkgroep Deinum Doe en No. Se wol sa stadich oan wol ris wat minderje en fan doarpsbelang kriget se in moai blomke en fan de seal de hannen op mekoar.

Halbe Weiland is al jierren de “drukker” fan de Klaver Trije. Earst stie der in grutte stinselmachine bij Halbe en Tiny op souder. No wurdt de K.T. drukt op skoalle, 11 kear yn’t jier sa’n 635 boekjes. Halbe is der jûn net, mar Jitsche bringt him de blommen.

Dan is it no skoft, de kofje/tee mei fulkoek giet run, lit it jim smeitsje!

9. Kaskommisje

Yn de kaskommisje sitte Johan Galama en Jan van Zutphen. De earste docht it wurd. It wie allegearre tige ynoarder en steld foar de ponghâlder te desjarzjearjen. Anko past goed op it jild en wurdt hjirfoar betanke. Johan Galama hat twa kear de boeken neisjoen, ek tige tank. Foar Johan moat in nij kaskommisjelid komme. Lyk as oars gjin reaksje út de seal.

10. Website www.deinumdorp.nl

Yn 2002 is troch Tom van der Werf en Douwe g. Heeringa de website opset op fersyk fan doarpsbelang. Troch oare droktes wie Douwe g. al earder ôfheakke en Tom koe troch stúdzje alles net goed bijhâlde. Der is doe in wurkgroepke oprjochtte om ien en oar wer op 'e rit te krijen. Tom hat, mei help fan Hendrik Meijer, de site omboud en sa makke dat in groep redaksjeleden de site bijhâlde kinne.

Hans van der Meer, ien fan de redaksjeleden leit út wat der feroare is en hoe't it ien en oar wurket.

11. Flekkeplan útwreiding Deinum nei oanliz fan de Heak

De oanwêzigen krije earst in powerpoint presentaasje te sjen. Dêrnei komme der grutte kaarten op 'e tafels wêr't men yn groepkes om hinne stiet en sjen kin wat de bedoeling is fan doarpsbelang.

Nei in goed kertier kriget men de gelegenheid om fragen te stellen en te sizzen wat men fan de plannen fynt.

Dêrfoar leit Rinske út hoe't it finansjeel (foar in part) oplost wurde kin. It is in djoer plan, mar it te jilde meitsjen fan sportfjilden, skoalle, gymlokaal kin helpe. Ek it grûnwurk kin men kombinearje as de dyk der dochs út giet.

John Fleur: Fynt it in moai plan mar de nije ynfalswei rint tige ticht efter de Mennerdahôf .

Willem Roersma: Fynt it in hiel moai plan, freget him of as der e kromte foar útwreiding middenstân is

Dhr. Siegersma: It is in moai plan, doarpsbelang is tige aktyf. Allinne dy fytsbrêge, as jo nei Dronryp moatte is it wol in hiel ein om.

Eric Voet: Hoeveel woningen behelst dit plan? ± 150 woningen

Kees Iepema: Hat syn betinkingen oer de fytsbrêge mar it is in moai plan.

Johan Harms: Sjoch no ris nei dy brêge, it is in ein om.

Willy Tamminga: Als er in de toekomst weer een tekort aan sportvelden is, kan er dan nog uitgebreid worden. Het moet niet op slot zitten.

Bert van Oosterwijk: Ik fyn it in prachtich plan.

Fokke Buma: Komme der ek starterswenten, sa ja wêr, want oan it wetter is de grûn yn 'e regel djoer.

Joke Wierema: As de âlde skoalle der wei is, soe dêr moai in doarpsplein kinne.

Johan de Vries: Wêr kin de jeugd anst swimme, soe der net in swimbad komme kinne.

Rein v/d Werf en Acronius Hettinga: De fytsbrêge leit te fier fan it doarp. As jo nei Marsum moatte as Dronryp dan moat je te fier om.

Fok Koster: Binne yn it plan ek 'levensloopbestendige' huzen opnaam. Wol hjir graach wenjen bliuwe.

Frieda Oevering: Fynt ek de fytsbrêge te fier fuort en fynt dat de ûntsluting better moat.

Thom Hofman: Ek it plak fan de fytsbrêge en der moat in goede ûntsluting komme. As der no wat bard yn it begjin fan it doarp, sit alles fest.

Johan Mellema: Is sa'n nij MFC. wol nedich, we hawwe it Holt en Ons Huis dat opknapt wurde sil.

Tjeerd de Boer: Sa as it hjir stiet moat jo fan it parkearplak oer de dyk nei de sportfjilden. Dat liket my net goed ta. En hoe moatte we de tiid trochkomme oant de nije plannen klear binne. De ferienings sitte mei de hannen yn't hier, der is te min romte op de fjilden en yn de klaaikeamers.

Dhr. Osinga: De sportnota komt der oan.

Jan Pieter Popken: It idee fan it doarpsplein sprekt him wol oan en dat der in plakje bij it kanaal komt wêr't de bern swimme kinne soe moai wêze.

Tjeerd Cuperus: It is in moai plan, mar we moatte der mei rekkenje dat de kontingenten minder wurde.

Freerk van der Meer: It is in moai plan, mar de sportkantine moat yn it midden fan de fjilden komme sadat je fanút de kantine op de fjilden sjen kinne.

Kees Sytma: It doarpsplein soe moai wêze, we moatte ek de jeugd fan ± 16 jier ek net ferjitte.

Dhr. Riedstra: De fytsbrêge net sa fier fuort en we moatte net alles folbouwe.

Ymie van Loenen: Wat sil der mei de haven barre as der in nije komt?

Hans van der Meer: Wurdt it sprokkelpaed ek trochlutsen lans it kanaal?

Dit wiene sa de fragen dy't los kamen nei it sjen fan it nije plan, it is noch mar in Flekkeplan. Der leit noch neat fêst.

12. Omfreesjen

John Fleur: De klinkers yn de Mennerdahôf binne noch hieltyd net omkeard.

Dhr. Siegersma: Tank foar de útnoeging, bliid dat ik hjir west bin, ik ha in protte nijs heard.

Frou Lautenbach: We hawwe it no wol oer dat moaie plan hân, mar we moatte ek oan Deinum fan hjoeddedei tinke. It grien wurdt net goed ûnderhâlden, de trottoirs lizze der raar hinne en it paad lans it kanaal, no dêr kin jo net wêze.

Frieda Oevering: Wij zitten aan een doodlopende weg, blijft dit zo of kan er nog verder gebouwd worden.

Johan de Vries: Der is in protte skea neidat de nije gasliedings oanlein binne.

Kees Iepema: Dêr is in budget foar.

Abe de Boer: It moat better kontrolearre wurde, de stoeptegels wurde oan stikken slein om it passend te krijen. It liket nearne nei. Ek de Amsterdamerkes stean hast Oeral skeef.

Dhr. Osinga: It wurdt earst provisoarysk makke, dan moat it beklinke foardat it opnij dien wurdt. Ik sil it oankaarte bij it kolleezje.

Dhr. Riedstra: It hekkelspul bliuwt te lang lizzen.

Annie van Dijk: Wat sil der barre mei it hûs fan de smit.

Johan de Vries: Der soe in boerd komme mei doodlopende weg, mar ik ha it noch net sjoen.

Sjoerd Halma: Kin Tsjerkepaed/Heechpaed gjin 'woonerf' wurde.

Anne van der Wulp: Wat is dêr it foardiel fan? Hurd ride kin jo dêr dochs al net.

13. Sluten

Neat mear oan de oarder, slút Rinske de gearkomste om likernôch healwei alven. Hja betanket de oanwêzigen foar kommen en ynbring en winsket elk wol thús